


KRYPTOGRAM 270a




Horizontaal

- 1 Meubelstik yn in riedhûs (7)
- 5 Fekke dy 't dy it abc bybringt (11)
- 6 Groeit út in bijprodukt (7)
- 8 In sint foar dyn gedachte (4)
- 9 Hjirtroch reitsje de gerdinen net spoarleas (5)
- 10 Ierdappeltsje fan oranje (5)
- 12 Fearman (10)
- 15 Koartskarten (6)
- 18 Fan dy freemkonstruksje wurde wy by befêstiging net ryk (8)
- 19 Rekkenmeubel (10)
- 21 Materiaal foar finsterslûven (13)
- 22 Om mei oer in mûning te fleanen (5)
- 23 In bepaalde reden (10)
- 24 Fakânsjekursus dêr 't Seeslach yn spile wurdt (7)
- 26 Famyljeblêd (15)
- 27 Wedstryd dêr't minsken fan harren stokje geane (9)

Fertikaal

- 1 Dêrby leare jo de krekte snaar te reitsjen (9)
- 2 Kultuer op de PABO (5)
- 3 Oanhef fan in wet (10)
- 4 Boeiende frou mei sterke earms (6)
- 5 It is sawat midden yn de nacht op de tsjerketoer (7)
- 7 Oplieding foar bern fan wolfarrende âlden (15)
- 11 Autobussen (11)
- 12 Dat is fêst feilich (5)
- 13 Dy dûnsje mei hannen en fuotten (8)
- 14 Bingels dy't allegeduerigen de keatsbal útslaan (10)
- 15 Ús Greet brûkt meast fine Pickwick (7)
- 16 Dy politikus is in nasjonalist (9)
- 17 Stok fan de admiraal (10)
- 20 Sa giet dat mei extra klean (8)
- 25 Populêre tocht dy't begjint by de ôfslach (5)

As it kryptogram klear is, fine jo yn de hokjes: 1 - 4 - 21 - 25 - 11 in Fryske plaknamme. Mail dy namme nei denksport@lc.nl, ûnder fermelding fan **Kryptogram 270a**. Of skriu dy namme op in brievekaart en stjoer dy oan: Redaksje Ljouwerter Krante, postbus 394, 8901 BD Ljouwert, mei op de adreskant: **Kryptogram 270a**. De oplossing moat op syn lêst tongersdeitemoarn **20 november** by ús wêze. Under de ynstjoerders fan de goede oplossing wurdt in **boekjebon t.w.v. €15,-** ferlotte.



OPLOSSINGEN WIKE 43

Kryptogram 269a:

Plaknamme:

WARNS

Winner Boekjebon:

M. ten Have-Minkes,
Blankenham



08-11-2025